

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 44 nûmer 1

oktober 2013



Redaksje:	Adres:	tillefoan:
Tryntsje Bouma	Skoallestrjitte 42, 8734 GN Easterein	0515-331762
Bauke Dijkstra	Wynserdyk 10C, 8734 GG Easterein	06-44057088
Metsje Huitema	Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295
Sjoerd van Beem	M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels	06-48713325
Willem Wijnia	De Homeie 27, 8731 EC Wommels	0515-331444

Internetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:	tillefoan:	funksje:
Douwe Dirk Reitsma Smidslân 11, 8734 HJ Easterein	0515-332500	Foarsitter
Gida Heerma Pipegaal 11 8731 DB Wommels	0515-332227	Skriuwer
Baukje de Jong v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein	0515-852400	Ponghâlder
Andre Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Wedstriidsekretariaat
Robert Schilkamp Hofkamp 33, 8731 BT Wommels	0515-331816	Foarsitter jongerein
Tina Wiegers P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus	0515-331365	Ledenadministraasje
Bauke de Boer A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein	0515-332555	PR en Reklame
Durk Okkema Sjaardaleane 7, 8734 HP Easterein	0515-333005	Sen./Technyske saken
Oetze Paauw Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein	0515-332094.	Skoalleaseize

Jongereinkommisje:	tillefoan:	funksje:
Robert Schildkamp Hofkamp 33, Wommels	0515-331816	Foarsitter
Bote Strikwerda Wyniastrjitte 10, Spannum	0517-342169	Algemiens lid
Thecla Klynsmas Geins 32, Wommels	0515-333037	Algemiens lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Durk Okkema
Koördinator SDS 1, 2 en 3: Fakant
Koördinator SDS 4, 5 en 6: Ids Boersma
Koördinator Sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Geartsje Klaversma en Jildou Jorritsma

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS:

Durk Okkema	0515-333005	Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma	06-53803817	Skriuwer
Durk Okkema	0515-333005	Coördinator A- en B-junioren
Boudewijn Kramer	0515-852400	Coördinator C-junioren
Ayanle Barkat		Coördinator D-pupillen
Folkert-Rients Velliga		Coördinator E-pupillen
(tegeare mei Robert Hoekstra	0515-331190)	
Tsjipke Okkema	06-18296720	Coördinator F-pupillen

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Douwe-Dirk Reitsma
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl	=> André Vink
Ledenadministraasje@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Durk Okkema
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accomodatie@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrengthof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Pep de Boer	Administraasje
Enne Bruinsma	Algemien lid

Aktiviteitenkommisje: fakant**Wedstrydsekretariaat**

Senioaren: André en Tineke Vink, De Singel 30a, 8734 HR Easterein, tel. 0515-333134

Jeugd: Pieter de Boer, Van Eysingaleane 23, 8734 GD Easterein tel: 06- 10018187

Skiedsrjochterkoördinators:

Auke Eringa Email a.eringa@hetnet.nl Tel 0515 33 26 49

Friso Albada Email frisoalbada@home.nl Tel 0515 33 22 82

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein 0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: 34.95.01.033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H**Korrespondinsje besoarging Treffer:**

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	<u>Tillefoan:</u>
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Hidaard:	Harm Bergsma, Skoallestrjitte 46, 8734GN Easterein	0515-332476
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :	Senioren fjildfuotbal:	€ 59,95	it healjier
	Senioren sealfuotbal:	€ 43,20	it healjier
	A- en B-junioren:	€ 47,60	it healjier
	C-junioren:	€ 40,05	it healjier
	D- en E-pupillen:	€ 32,65	it healjier
	F-pupillen:	€ 28,35	it healjier
	Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting		

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij. Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia "**oan-/ôfmelde**". Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as jim heleas ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)

Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

6 desimber 2013

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje

It is oktober en it earste ynhel-bekerwykein stiet foar de doar.

Heech tiid foar de earste Treffer fan it seizoen tochten wy sa.


Yn dizze Treffer kinne jim leze oer in sponser út Piaam, in kat út in beam op Skylge, in kolum út Amsterdam en noch folle mear.

(WW)



Wy winskje jim in bult lêswille!


**De kat út de
beam sjen**



**Don 't Wari,
be Ralphie**



2 nije froulju



side 13

side 17

side 42

Fan de redaksje	3
<i>Fan it bestjoer</i>	5
<i>Fan it jeugdbestjoer</i>	5
<i>Voor paal staan</i>	7
<i>Persoanlik</i>	8
<i>Wy stelle jim graach foar oan: Wout Kamstra</i>	8
<i>SDS-Look-a-likes(5)</i>	12
<i>De kat út de beam sjen op Skylge</i>	13
<i>SDS League</i>	16
<i>Vacature!!!</i>	17
<i>Faceboeke/Twitterje mei</i>	18
<i>It ljocht op in sponser; Skildersbedriuw Herman Nota</i>	19
<i>Kees' kollum; Pikorde</i>	24
<i>Alderaardichst</i>	26
<i>SDS-ledengearkomst</i>	27
<i>Killers</i>	28
<i>Ôfskie nimme fan Syb Overal?</i>	29
<i>Fan de Skeids(89)</i>	32

Alde Doaze	34
Peppi en Kokki en de âlde doaze.....	35
SDS-Klean	36
Doelpuntenmakers	38
Trefferkes	39
Aginda	40

Fan it bestjoer



De fuotballery is al wer in oantal wiken dwaande. Ek de bekerkompetysje. Dy wie foar SDS 1 gau dien nei 3 wedstriden. Fanof it 1e oant de F- kes draait alles yn folle gong. It 1e spilet dit jier yn de 3e kl.A en stiet nei 5 kompetysjewedstriden op it 2e plak. De Skoalleseize mei alle frywilligers hawwe wer goed harren best dien, de fjilden lizze der wer goed by.

Efkes foarstelle: de measten sille my wol kinne, myn namme is Bauke Tj. de Boer út

Easterein. Sûnt maart bin ik yn it bestjoer kommen as ôffurdige fan de PR-kommisje. Fan 1990 oant 2002 ha ik deselde funksje hân.

No nei 11 jier bin ik frege om de taken oer te nimmen fan E.J. Bruinsma. Yn dizze tiid fan krisis falt it net ta om nije sponsors te finen. Hjir en dêr geane der bedriuwen fallyt wat tige spitich is. De sponsors dy 't no by SDS belutsen binne moatte wy „koesterje" en besykje om werris wat nijen benei te kommen. Sûnder sponsors is it hiel dreech om de holle boppe wetter te hâlden. De mooglikheid om te sponserjen binne : advertinsje yn „De Treffer", reklameboerd, op de webside www.vv-sds.nl, wedstriidsponsor, kleansponsor, Freon fan SDS. Ha jo ynteresse nim dan kontakt op mei my of ien fan it bestjoer. Bouwbedriuw Bootsma Tirns sil it team fan SDS E2 yn nije trainingspakken sette. Tige tank hjirfoar. De foto sil de oare kear yn de Treffer komme .

Hjirby winskje ik de fuotballers, trainers, liederen, bestjoerders en alle frijwilligers in protte sukses ta yn it nije seizoen
Bauke Tj. de Boer

Fan it jeugdbestjoer



Dat het als voetbalouder langs de lijn goed vertoeven is, bleek zaterdag 5 oktober jl. In de luwte van het historische clubgebouw van LSC in Sneek, dronk ik met andere ouders van D3 in de pauze buiten op het terras, in het zonnetje, een kopje koffie. Hoe anders een jaar geleden. Toen een natte, koude, herfst. En elk weekend maar weer hopen dat de boel niet werd afgelast.

Het seizoen is inmiddels al weer aardig op weg. De meeste teams hebben gebekerd en een paar teams zijn door. Echter hoe de KNVB de indelingen maakt is steeds weer een raadsel. Met als gevolg dat een aantal teams niet op hun plaats waren. Helaas met monsterscores als gevolg. Één team werd behalve op een kansloze wedstrijd ook nog op een onsportieve tegenstander getrakteerd. En dat in tijden van respect op de velden. We hebben dit gemeld bij de KNVB. Alleen zo krijgt de KNVB een beeld van wat er gebeurt. Dus heb je een vervelende ervaring, laat het ons weten!

Ons uitgangspunt dat de bekerwedstrijden dienen voor de voorbereiding kwam gelukkig in de meeste gevallen wel uit. En dus konden we op 14 september met 14 teams aan de competitie beginnen. De oplettende lezer weet dat dit minder zijn dan vorig jaar. Echter dit jaar zijn we ook gestart met de mini-league. Een initiatief van de coordinator van de F-jes, Tsjipke Okkema. Onze jongste leden spelen wekelijks een 4 tegen 4 competitie. Echter wel in steeds wisselende samenstelling. Op deze manier kunnen ze wekelijks leuk voetballen en wedstrijdervaring opdoen.

Bij de A's zijn we dit jaar gestart met 2 teams. Een gewaagde keuze omdat de A1, A2 en B1 met een smalle selectie zijn begonnen. Maar op deze manier kan er wel maximaal gespeeld worden. Dan moest er niet teveel gebeuren was de boodschap aan de heren. Die boodschap was echter niet helemaal duidelijk want meteen hadden we 2 zware blessure gevallen. Tot nu toe gaat het goed. Eerder had ik het al even over de indelingskwaliteiten van de KNVB. Ook in de najaarscompetitie is niet elk team op het juiste niveau ingedeeld. De KNVB ziet deze competitie echter als een kwalificatieronde voor de voorjaarscompetitie. Met als gevolg dat sommige teams week op week met dubbele cijfers worden geconfronteerd. Echter na de winterstop houdt de KNVB rekening met de ranglijsten. En wordt elk team op sterkte ingedeeld.

Dan is het nu hopen dat de weergoden ons dit jaar goedgezind zijn en dat iedereen een complete competitie kan uitspelen.

Namens de jeugdcommissie,
Robert Schildkamp

Voor paal staan



Het doel

Hoe moeilijk kan het zijn als je aangeeft dat je de linkerpaal bent. Ik heb het geweten. Voortdurend staan ze achter mijn rug zich af te vragen of dit de paal is. De linkerpaal wel te verstaan. En of de andere dan de rechter paal is.

Wat is links hoor ik ze achter mij zeggen.

Er zijn dan van die wijsneuzen die net doen of hebben ze er verstand van. Nee, ik noem geen namen. Denk eens goed na wat nu links of rechts is. Of vraag het de doelman die weet het vast wel. Of de spits. Maar niet tegelijk. Grote kans dat je dan verschillende antwoorden krijgt.

Jammer is wel dat ik geen ogen in de rug heb. Had ik mooi kunnen zien wie wat zegt. Want achter mijn rug gebeurde deze zomer meer dan voor mij.

Achter mijn rug groeide het gras heel snel. Een ieder had het er over. Goh, wat groen, hoorde ik ze zeggen.. Ik keek over het hoofdveld en zag bruin gras groeien. Heel langzaam. Verder was het zo saai deze zomer. Er werd hier en daar met een kleine bal gespeeld en er werd geroeid op de klanken van Vader Abraham en ander tophits. Nee als linkerpaal is er niets mooier wanneer het voetbalseizoen weer begint. Leuk ook dat sommige van die keepers nu tegen mij beginnen te praten. Hele verhalen hebben ze. Neem nu die doelman van het SDS 1. Die roept nu steeds bij een gevaarlijke aanval van de tegenstander: Let jij op de linkerhoek dan is de rest van mij. Kijk de rechter hoeft hij die niet te vragen dat is gewoon een ordinaire rechtse bal, sorry ik bedoel natuurlijk rechtse paal. De samenwerking met die doelman is uitstekend en de resultaten zeggen alles.

Ook de spitsen van SDS 1 zijn al lang geweest: Dirk en Jelmer. Of ik even een stapje opzij wil doen, wanneer de bal dreigt naast te gaan. Het mag natuurlijk niet opvallen en dat doet het ook niet, maar analyseer de gemaakte doelpunten van SDS 1 voor de aardigheid. Bijna allemaal in mijn doel en aan mijn kant. Zo heeft het zin dat ik daar sta. Geloof het je niet? Vraag Durk Okkema die heeft ze nog allemaal in beeld.

Jammer van die zaterdag ochtend om 10.15 uur. Dan wordt er soms gevoetbald maar ik doe niet mee. Allemaal van die kleintjes met soms te grote broeken. Die doen wedstrijdjes op het hoofdveld. Moeten scoren in een klein doel. Een minidoel. Hoe bedenkt je het? Het doel van voetbal is doelpunten maken. Zit je net op voetbal, maken ze het doel zo klein dat het bijna onmogelijk wordt om te scoren. Voetbal gaat om doelpunten maken. Laat ze die dan ook zo veel mogelijk maken. Ik pleit voor echte doelen bij die kleintjes. Zodat ze allemaal kunnen scoren en uitlagen van 16-21 geen uitzondering zijn. En dan doe ik in ieder geval ook mee.

De linkerpaal

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:

Wout Kamstra



Namme	Wout Kamstra
Berne	2 jannewaris 2004
Yn Wommels, Easterein as....	Snits
Skoalle	OBS De Opslach
By SDS sûnt	2012
Team	E1
Gjin fuotbal, dan...	Reedride
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Real Madrid
Beste trainer	Marco Reijnders en Tseard Okkema
Beste fuotballer yn Nederlân	Finnbogason
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Cristiano Ronaldo
Favorite fuotballer by SDS	Ewout de Boer
Favorite posysje	Spits
Sterkste punt	Scoren

Swakste punt	As it net wol, it kopke hingje litte
Moaiste stadion	Abe Lenstra Stadion
Idoal	Cristiano Ronaldo
Hichtepunt	Tsjin CVVO 6-0 scoort
Djiptepunt	WPB 15-0 ferlern
Moaiste goal	Kopgoal yn 'e krusing
Skoudertriuw as tackel?	Tackel
Boas om	Ûnearlikens
Flint ers yn de búk fan	Moaie froulju
Tillevysje	Spangas
Muzyk	Robin Thicke
Lekkerste iten	Lasagne
Minst lekkere iten	Sprútsjes
Drinken	7-up
Nintendo DS, Wii, Playstation 3, X-BOX of bûten boartsje	Bûtenboartsje
Favorite game of spultsje	FIFA 14
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Mei in dûnske
Cambuur of SC Heerenveen?	SC Heerenveen
Moaiste sjurt	Ûtshirt SC Heerenveen
Lelijkste sjurt	Cambuur
Fuotbalskuon	Nike
Rjochts of lofts?	Rjochts
At ik letter grut bin dan....	Soe ik graach prof-fuotballer wurde wolle
Wolst fierders noch wat kwyd?	Ik ha alles no wol sein, de heu!

Hite nûtsjes

Nei in hiele lange simmer kinne wy it einlings wer ris écht oer fuotbaljen hawwe. Dat wurdt tiid!



SDS 1 docht it hielendal net sa gek yn de 3^e-Klasse. Sy steane ynmiddels twadde.

Wol grappich dat de 2^e-Klasser fan foarich jier, SDS, en de 4^e-Klasser fan foarich jier, De Wâlde, no de boppesten binne yn de 3^e-Klasse, wylst TOP'63 dy 't hast nei de 2^e-Klasse promofearde no stiif ûnderoan stiet. Mei wy SDS 1 as titelkandidaat sjen? Of kinne sy by blessures krekt sa hurd sakje as TOP no docht?

De bal is rûn, sis noait noait, it kin frieze, it kin taaie, ensafuorthinne. Ik tink dat se moai mei balje kinne mei sa no en dan in utsjitter omheech en dan wer ris omleech. Foar de kommende tiid is de tredde klasse it plak fan SDS 1. En it soe moai wêze as elkenien der oars oer tinkt en yn positive sin it tsjindiel sjen lit.

Wat do?

De ploegen yn de 3^e-Klasse binne aardich oan elkoar weage en it tal blessures sil útmeitsje wa 't der kampioen wurdt.

Fynsto it net opmerklik dat SDS 2 it sa goed docht yn de Reserve-2e-Klasse? Foarich jier kamen sy te koart om foar in periodetitel te gean en no steane sy nei 5 wedstriden "gewoan" boppe-oan. Of komt dit troch de trainerswiksel?

"It tal blessures sil útmeitsje wa 't der kampioen wurdt"

Och nee, ek hjir is de bal rûn. In protte teams yn dizze klasse feroarje gau ris fan gearstalling, sekerheden binne der hast net mear. Dat it kin faaks alle kanten op. Dat wie it foarrich seizoen ek sa, al siet it doe net altyd mei. Hoe tinkst hjir sels eins oer?

Marco Hoekstra hat wat my oanbelanget de basis foar dit seizoen lein. Broer-Wiebe de Ringh wit eksakt hoe der dit oernimme moast. Hy sei it sels al; "Kees Jansen hat my ien ding leard. "As je foar SDS kieze dan kinne je wol tinke dat je je stempel op de ploeg sette moatte, mar nei in heal jier kom je der efter dat it dochs mar better op de SDS-manier kin". Oftewol goed sjen nei wat foar spilers je hawwe en hjirmei sa fuotbaljen gean sa 't de measte SDS'ers dit al jierren dogge. Oan 't no ta docht dit fertúten.

SDS 5 stiet ek boppe-oan en hat oan 't no ta alles noch wûn. Sy hawwe dan ek in grutte seleksje mei stik foar stik jongens dy 't harren sporen al aardich fertsjinne hawwe yn it amateurfuotbal. Wêr 't 15 jier lyn yn de topskoorderslist by SDS 1 meastentiids Jappie Wijnia, Peter en Robert Sybesma boppe-oan stienen is dat no by SDS 5 it gefal. Dizze mannen

oanfuld mei û.o. Gert-Jan Hiemstra, Jan-Simon Jelsma en Wichard Deinum lykje hast ûnferslaanber dit seizoen. Sommige spilers hienen ek net misstien yn SDS 3. Hienen sy miskien op basis fan kwaliteit hjir ek yn sitte moatten?

In oantal soe it nivo absolut noch wol oan kinne, mar ik bin fan miening dat dizze mannen, nei al dy jierren troue tsjinst, rjocht ha om “sels te kiezen yn hokker ploech se balje wolle”. Mar it mei dudlik wêze dat SDS 5 ek dit jier wer mei dwaan kin om it heechste plakje en wa wit binne Robert en Jan-Simon de skeakels dy't se yn foargeande jierren sa misten.

Fynsto it ek sa sneu foar Arjan Posthumus en Redmer Strikwerda dat sy mei SC Bolsward mei 4-0 fan SDS 1 ferlearen?

Nee! Bêste jonges, dêr net fan, mar it makket my altyd bliid as SDS wint fan Boalserters, al binne it de F-kes.

De takomst fan SDS liket aardich feilich steld no 't Jeroen Brouwer, Jan Stenekes en Robert Sybesma allegear in jonkje krigen hawwe. Of leit de takomst dochs mear yn it frouljusfuotbaljen en sit Gerrit Flisijn gebakken mei harren dochter?

It sil my benije hoe as de wrâld der tsjin de tiid dat dizze sprûten lid wurde meie der by leit. Mar goed, as se allegearre ek mar in bytsje fan it talint fan Robert, de longen fan Jan, de technyk fan Jeroen en de 'flair (om mar ris in moai Frysk wurdt te brûken) ha, dan komt it goed! En oars kinne se altyd noch lâns de line stean en dom ouwehoere, want dêr binne de heiten allegearre goed yn.

Hoe hasto DE Derby belibbe en wat fynst fan de útslach?

Machtich dat der einlings wer ris in écht derby wie. Wol spitich dat sommige lju wier fijandich tsjinoerelkoar stienen. Sa fier soe it by my nea gean kinne. In lykspul wie úteinlik terjochte west.

Afonso Alves werom nei SC Heerenfean?

Om my wol. Dan bard der tenminste wer ris wat. No binne it allegear grize mûzen. Ien fan de moaiste wedstriden bliuwt no ien kear SC Heerenveen-Heracles út 2004. Alves kaam wer ris te let werom fan fakansje en waard krekt foar de wedstryd troch 98% fan it publyk útfluite. Nei syn earste goal waard der noch altiten fluite, mar nei de twadde, tredde, fjirde en de fyfde waard it stadich oan wat minder. Nei de sânde goal wie it klear.....

Oh, ja, der bard miskien wol fan alles as hy wer komt, mar Alves sil net wer safolle goals meitsje foar SC Heerenveen. Dan kinne se better in oar helje.

Hasto ek san nocht oan it Sinteklazefeest?

Jawis! En it is dit jier noch makliker as oare jierren. Ik haw myn ferlanglistje no al klear; blanke vla, negerzoenen, meagere molke, pizza hawaï, jodenkoeken, chilisaus en hite chilinútsjes!

SDS-Look-a-likes(5)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl!

Ayanla Barkat as Youssef Hersi(ea Ajax):



Ruurd Visser as Tom Beugelsdijk fan ADO:



David Seaman(ea keeper fan Arsenal) as Hjalmar Ruiter(ea SDS)



De kat út de beam sjen op Skylge



It toernooi

It Skylge veteranen toernooi is der al moai wat jierren. SDS is yn de lokkige omstannichheid dat se dêr altiten in útnoeging foar krije. Ien kear moast SDS ferstek gean litte mar dit jier koe it wer wurde.

Mei de boat

Freedtemiddei om healwei 5 oere stiene der 10 man bij de boat klear foar de oerstek. Untspannen mar dan al gretich nei de bal. Mar foardat der ek mar in bal oanrekke wurdt is der earst de reis. Ut fatsoen lieten se alle oaren gasten op de boat earst bestelle en doe't de boat al foarbij de seehûnen wie koene der noch krekt in pear bestellingkjes dien

wurde. Maklike bestellingen: 10.

Freedetejûn

Omdat de boat op West oankaam en de kâns hiel grut wêze soe dat se dêr pas op de weromreis wer wêze soene, wie it net in ferkeard idee om de pleatselike middenstân efkes te stypjen. Der waard unanym keazen foar in horekagelegenheid. De taksy brocht it selskip dêrnei nei boer Piet wêr't de stapelbêden al klear stiene. De bêden waarden mei soarch útsocht en sliepsekken waarden út rolle, want dat is nachts in gegriem. De mage liet him heare, dus brocht de rintocht nei Midslân harren op in plak wêr't wat te iten wie. Maklik menu: allegear in snitzel mei it ferskil dat de iene houthakker hjitte, de oare Hawai en de tredde



Wiener. Fierder wer in maklike bestelling: 10.

It wie hast Hart fan Nederlân tiid dus brocht de taksi de mannen nei Hoorn. Dêr hat Hessel in kroech en dat skynt dêr wol leuk te wêzen. Dat wie it ek. De plannen foar de bus fan 24 oere werom waarden bijsteld

en omdat ek alle tsjinstanners der wiene, wie betiid fuortgean gjin opsje, al hoe graach je dat dan ek wolle. Moai dat Hessel en syn dochter Tess en syn personiel ek op bêd woene en de taksis noch



graach in ritsje dwaan woene. En sa kaam elkenien moai op tiid (yn de moarn) op bêd.

Sneontemoarn

Sneontemoarn skarrelen de earsten foar njoggenen al om. It wiene foaral de mannen dy't Skylge toernooi erfaring hiene en in optimist. Om goed 10 oere lei de optimist al wer en sieten de oaren ek al oan de útsmiters en tostis en kofje. De taktyk waard útlein troch koach Eddy de Boer, (de kat út de beam sjen) en op fersyk fan de spilers waard der in kopferbod ynsteld.

Tusken 12 en healwei 1 oere wie it hektysk. Nei it sportpark rinne, pinne, omklaaie en de fjouwer jonge hûnen wolkom hjitte. Sij wiene krekt mei de boat oankommen.

De wedstriden

De taktyk waard noch in kear útlein (de kat út de beam sjen) en doe koe it los. It foarúsicht fan 6 kear 25 minuten fuotbalje wie dreech te ferwurkjen. Mar it die bliken dat it prachtich gie. Winst tsjin Baflo en Kockengen, gelyk tsjin de lettere winner Stolwijk, winst tsjin Foarút, ferlies tsjin sc Terschelling (6 minuten in dipke en 3 doelpunten tsjin) en winst tsjin Heerenveen. In prachtich twadde plakje.



De Skylgegongers

Dan wurdt it no fansels tiid om de helden oan jim bekend te meitsjen.

Eddy de Boer, hjit net foar neat de Boer, topkoach, set it goed del, soarget foar oersicht en fariaasje yn it programma, regelt alles, pakt syn minútsje ek noch mei at it echt net oars kin en waard de grutske besitter fan in beker.

Robert Hoekstra, hie de ploech bijelkoar skarrele en it like wol of hie hij op stjerrebylden selekteard. It kloppe allegear. Lit oaren graach foargean yn de taksi en yn it fjild soarge hij efteryn foar de rêst: hat de middenline net oer



west. Past op syn broerke Christiaan.

Jan Simon Jelsma, hâldt him bûten en yn it fjild maklik steande. Wist ien kear oer de middenline te kommen (nettsjinsteande de kat út de beam sjen taktyk) en skoarde dy iene kear ek noch fraai.

René Velzen, in super debút kinne wij wol sizze. Jierren gjin fuotbalskuon oanhân mar no as follearde bek de measte spitsen te machtich. Ek bûten it fjild wist hij him út ien of oar dipke wij te fjochtsjen.

Christiaan Hoekstra, lachebek, middenfjilder, sfearbringer, leit maklik kontakten, net stikken te krijen en past op syn grutte broer Robert.

Pieter Kamstra, is net populêr yn Stolwyk wurden, want hij soarge der persoanlik foar dat de 0 holden waard tsjin de úteinlike winner. Kearde de hiele dei as in echte doelman.

Robert Sijbesma, makke syn debút yn dit wykein en spile net swak bij binnen en bûten it fjild. Laket hast like folle as Christiaan, miste de moaiste kâns mar makke prachtige doelpunten. It kopferbod wie syn foarstel. Feite de Haan, hie frij krigen fan SDS 2 om syn debút te meitsjen. Kilometerfretter fanôf it middenfjild, pikte syn doelpunt mei en fynt in útsmiter en in tosti moarns betiid nei it útgean in lekker hapke.

René Rijpma, debutant, hie nije giele ljochtjouwende skuon kocht, dy't folle hurder woene as René of miskien wie it ek wol oarsom. Krige it wij gevoel mei de skuon doe't toernooi dien wie en waard ek nachts sinjaleard mei de skuon oan. Skeat ien kear knoethurd op de latte en hâldt fan útsliepen.

Eeltje Postma, al foar de twadde kear op it toernooi en noch altiten fiersten te jong mar mei de folgjende kear in nachtje bliuwe. Kin lekker balje, poarte nimmen mar makke wol in doelpunt.

Eddy Visser, krekt wer lid fan SDS, moast wat jierkes liene fan in oar om oan de 35 plus status te foldwaan. Wie ek ien dei op it eilân en hat him tige

fermakke yn en bûten it fjild. Broer Greijdanus, liende ek wat jierkes bij, kaam foar ien dei nei it eilân en wie foar alle tsjinstanners in grutte lêst. Makke in prachtich doelpunt tsjin Foarút.

Samme Overal, foel op troch syn giele sokken, spile as wie it noch in SDS-er, wist mei syn skoutingsrapport net te foarkommen dat wij ferlearen fan sc Terschelling en miste syn heit, dy't der oars ek altiten is.

Aant Hofstra, kompanseart alle 35 minners, docht krekt of fuotbalt hij mei, sjocht en heart alles, makket hjir en dêr in foto, twittert wat, fertelt yn dit stik minder as de helt fan de avontieren en hat him al wer opjûn foar takem jier.

Aant



Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIEREN

Het adres voor aanleg

en onderhoud van:

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water

CV - Sanitair



garantie

reparatie

Terp 29, 8731 AX Wommels
H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

SDS League

Yn dizze rubryk hawwe wy meastentiids each foar de lju dy 't boppe-yn meidraaie yn de SDS League. Dit kear rjochtsje wy ús oandacht op de reade lantearndrager Ralph Wariman. Hy levere as ien fan de lêsten syn SDS league yn, mar stiet no al 4 wiken ûnderoan. Wy hifkje ris efkes by de koach fan "FC Don't Wari".



Opstelling "FC Don't Wari:

Bizot(GRO), Schenkeveld(HER), Van Polen(PEC), Luijckx(RJC), Van Aanholt(VIT), Holla(ADO), Henriksen(AZ), Ebecilio(TWE), Fischer(AJA), Pellè(FEY) en Finnbogasson(SCH)

Sit der noch mear yn dan dit lêste plak tinkst?

Ik bin miskien wat te hastich west mei it samenstellen fan myn team mar ik haw der noch alle fertrouwen yn, don't wari.

Wat foar doel hiest mei dyn team?

Om mei een ferassend team leuk mei te dwan en miskien een wiikpriiske te pakken.

Wurdsto no ek pesten troch sweager lds de Boer?

Lokkich genoch falt dit noch wol wat ta. De league is fansels ek noch mar krekt oan de slach, dus der kin ek noch fan alles gebeure.

Hy stiet mei "Id's mei life" oars ek net sa heech. Hy stiet mar 5 plakjes boppe dy. Do hiest dizze wike sels 11 punten mear as him. Is hy noch yn te heljen?

Oh jaseker wol. Eltse wike ha ik namelijk wer mear puntsjes, der sit dus in goeie foarútgong yn!

Wat is wichtiger foar dy?

De SDS League winne of boppe lds eindigje?

No op dit stuit is it winnen fan de league noch hiel fier fuort, dus miskien is it doel om boppe lds te eindigjen wat realistischer.

Wol Neeltje net meidwaan oan de SDS League?

Miskien is dat een goed idee foar de volgende keer. At sy it team samen stelt, ha wy miskien wat mear geluk.

Welke spiler yn dyn team falt dy oan 't no ta it measte tsjin?

Ik hie ferwachte dat Fischer wat faker skoare soe, dus yn him bin ik in bytsje teloarsteld.

Giet dyn leafde foar Ajax sa fier dasto dêrom gjin spiler fan PSV yn dyn team hast?

Tsja, at je op it lêste momint noch efkes gau in team samenstelle sille dan sjit der wol ris wat by yn. Yn myn gefal gong dat spitich genoch ten koste fan de PSV-ers.....

Hiesto dyn team no feroarje mochten wat hiest dan feroare?

Dan hie ik wierskynlik myn keeper wiksele of in spiler fan PSV der yn setten.

Wolsto oars noch wat kwyt?

No mei dizze SDS-league sitte je foar it fuotbal te hoopjen dat Pelle wer skoart, dat is toch wol gek as Ajax supporter.....

(WW)



"Don't Wari.....be Ralphie"

Vacature!!!

Per november 2013 is het bestuur van vv-SDS op zoek naar een wedstrijdsecretaris, dit omdat de huidige wedstrijdsecretaris na 8 jaar gaat stoppen.

Als wedstrijdsecretaris maak je ook deel uit van het hoofdbestuur, draai je mee in het schema bestuurslid van dienst en werk je samen met onze jeugdwedstrijdsecretaris en de scheidsrechterscommissie.

Veel zaken kun je via email en telefoon doordeweeks vanuit huis doen.

Belangrijke eigenschappen of vaardigheden zijn: accuraat kunnen werken en beschikken over voldoende communicatieve vaardigheden.

De vacatures ontstaat in principe vanaf november maar het is handig om je zo spoedig mogelijk aan te melden zodat je alvast mee kunt draaien om ervaring op te doen.

Wij zijn op zoek naar een man, vrouw of zelf echtpaar om ons bestuur te versterken!

Voor informatie kunt u terecht bij:

Douwe Durk Reitsma, telefoon 0515-332500 (voorzitter) of

Andre Vink, telefoon 0515-333134 (huidig wedstrijdsecretaris)

Faceboeke/Twitterje mei

Tsja, mei wa net?

Sjoch ris om je hinne op in plak wêr't in protte minsken byinoar binne en de helte sit mei de hasses yn'e tillefoan. Jierren lyn krigen de Jappanners yn'e keukenhof it kommentaer dat se mear troch harren Nikon seachen dan dat se it sels belibben. No is it 'reagluren' de gewoanste saak fan'e wrâld.

Ek yn de SDS kantine silst net in protte mominten meimeitsje dat der net ien op syn tillefoan sjocht. Wat dat oangiet is it noch wolris wat om in SDS Whats app groep te begjinnen, ûnder lieding fan Dooitze, dat wol.



Wikipedia seit it folgjende:

Sociale media (de Engelse term social media is ook in het Nederlands gangbaar, vooral in Nederland) is een verzamelbegrip voor online platformen waar de gebruikers, zonder of met minimale tussenkomst van een professionele redactie, de inhoud verzorgen. Hoofdkenmerken zijn interactie en dialoog tussen de gebruikers.

It wurd sosjaal liket yn de hjoeddeistichke kontekst hyltiid minder passend. Der skynt sels in nij wurd te wêzen foar minsken dy't ferslaafd binne oan harren snoadphone: sobesitas.....

Hoe liket it mei de SDS-ers?

Ut ûndersyk ûnder in oantal 'foaroansteande' SDS-ers docht bliken dat se allegearre tsjin it konstante gebrûk fan de snoadfoan binne, mar dat se it sels ek dogge. It apparaat wurdt bynammen brûkt om te appen mei minsken dy't (mei ik hoopje) op dat stuit net yn de buurt binne en om te 'checken' wat in oar docht troch it besjen fan sides as Facebook en Twitter.

Dit alles bart neffens eigen sizzen neffens de measten te faak, oant wol 25 kear yn'e oere...binne je dan ferslaafd?

Lokkich genôch ha de measten it lûd wol ut, mar goed, in warskôging ha je net mear nedich as je dat ding altyd yn'e hannen ha.

De fraach is dan ek: Hoe no fierder?

Tillefoan ynleverje by Faber (sit toch altyd by de yngong fan de Skoalleseize), as in SDS app spesjaal foar yn de kantine (hoecht de muzyk ek net sa lûd mear, dat galmt allinnich mar)?

App/mail jo reaksje nei

'strammetomme@fjouwerkanteeachen.com.



(svb)

It ljocht op in sponser; Skildersbedriuw Herman Nota

Yn dizze rubryk hawwe wy dit kear oandacht foar Skildersbedriuw Herman Nota. Dit bedriuw komt út Piaam en wy binne ûnder oaren tige benijd hoe 't sy derby komme om SDS te sponsen. Wy sille ris efkes by Herman hifkje.

Wat foar skildersbedriuw hasto presys? Of skilderje jimme alles wat los en fêst sit?

Wy hawwe in skildersbedriuw dat sich taleit op de partikuliere wenningen. Wy skilderje allinnich net alles, want as it us net oanstiet dan skildery wy it ek net...

Hoefolle lju hast yn tsjinst?

Ien wurknimmer, Bauke de Boer út Easterein wurket sûnt 2005 by us. In man dy syn fak ferstiet en wêr ik noch eltse dei in protte wille mei haw.

Wat is jim spesjaliteit?

Wy sitte haadsakelijk yn it partikuliere skilderswurk, sawol binnen as bûten. Nybou wolle we eins net, of de minsken wolle in stikje kwalitatief goed skilderwurk hawwe.

Hawwe jim ek in bult wurk yn Easterein en omkriten?

Troch Bauke de Boer en syn kunde hawwe wy toch geregeld wurk yn Easterein en omkriten.

Hasto ek sa 'n lêst fan de krisis?

Wy hawwe gjin lêst fan de krisis gelokkich, we hawwe ûs eigen klantenkring opboud en dizze minsken komme hieltiten wer werom.

Hoe komsto der sa by om SDS te stypjen?

Troch Bauke, omdat hy der wennet like it my net ferkeard om wat oan sponsoring te dwaen by SDS.

Binne der noch SDS'ers dysto kinst?

Neist dy (Willem) haw ik natuerlyk tsjin ferskate minsken (mannen) fuotballe dy by SDS sieten.



Schildersbedrijf
HERMAN NOTA

Buren 26 - 8756 JP Piaam
Tel. (0515) 23 20 98 - Mob. 06 41 30 95 88

Do hast sels jierren keeper west en dyn soan Theo keeps op it heden yn Zeerobben 1. Hoe seach dyn keepersloopbaan der út?

Ik bin begôn by Makkum , efkes om 'e hoeke sjoen by Cambuur en dernei wer werom.

Toen in skoft yn 'e seal keeps by Ny Engwier (Makkum).

Dernei in oantal jierren trainer west fan de jeugd.

Hasto sels wolris tsjin SDS fuotballe en kinsto dy dêr noch wat fan heuge?

Ik haw seker wol tsjin SDS fuotballe, dat wie yn de jierren 80 (in drege tsjinstanner)!!!

Dochsto sels ek noch wat yn it fuotbaljen?

Op it moment net, troch toch wol te drokke wurksumheden bliuwt der net folle tiid oer om eltse wike 2 jûnen op it fjild te wêzen.

Ik mei no ek graach mei myn frou en dochters by Theo sjen, dy 't no by Zeerobben 1 keeps.

Herman tige by tige en hooplik sjogge wy dy ynkoarten nochris by in wedstryd fan SDS 1!

Hâld ik dy oan, bedankt foar de útnoeging en in protte fuotbalwille by SDS,

Bûtenspul

De buitenspelregel voor vrouwen

Je bent in een schoenenwinkel en staat als tweede in de rij bij de kassa. Je ziet een paar schoenen staan dat je ab-so-luut niet nodig hebt en dus sowieso wilt kopen. Het meisje voor je heeft de schoenen ook niet nodig en wil ze net zo graag kopen. Jullie hebben je portemonnee allebei thuisgelaten, maar je vriendin is ook meegegaan met shoppen en heeft haar portemonnee wél bij zich. Ze gooit jou haar portemonnee toe en net op het moment dat ze gooit, dring jij voor bij degene die nog voor jou in de rij stond bij de kassa. Als de portemonnee gegoid wordt en jij al bent voorgedrongen, sta je buitenspel.

Noppen & Naaldhakken

Oer froulju, fuotbal en oare wichtige saken...

Yn dizze Treffer stel ik jim foar oan Gerry Edou Mollema en Hester Kingma, dé twa nije oanwinster by it earste fan de froulju. Fan dizze twa froulju wit ik net in hiel soad, wol dat sy beide hiel sportyf binne. Fuotbal, freondinnen, in team en oare sporten binne dan ek de ûnderwerpen foar dit stikje.

Ik wit dat jim hiel sportyf binne, want ik sjoch jim altyd wol dwaande. Wat foar sporten dogge jim eins allegear?

Gerry Edou: 'Klopt, wy fyn sport beide leuk. Iksels draaf best faak.



Sa'n 2 á 3 kear yn 'e wike. No is dat wat minder yn ferbân mei tiid, as ik draaf wat in lytsere ôfstân. Derneist keats ik yn 'e simmer in protte en skeelerje ik somtiden. '

Hester: 'Ik keats ek yn 'e simmer en bin dan ek wol mei skeelers op paad. Ik fyts in soad en fjirder ha ik lang oan it riden west yn Thialf. '

En hoe bedarren jim no op fuotbal?

Hester: Ik woe eins altyd al op fuotbal, mar dat wie tagelyk mei myn reedriden. Ofrûnd jier bin ik opereard oan it ankel, ik wie fallen op it iis en doe is der in pees kapot sjitten. Dernei ha ik it der mei Gerry Edou oer hân om op fuotbal te gean. Want sy wie op syk nei in sport foar yn de winter. Sa binne wy tegearre oan it begjin fan it seizoen by de froulju bedarre.

Hester (ljofts) en Gerry Edou



*Fuotbal is in teamsport, drave,
reedride as skeelerje is mear
yndividueel. Wat leit jim mear?*

Gerry Edou: Team is dochs wol hiel leuk hjer, it is folle gesellicher. Je ha in soad sosjale kontakten.

Hester: Ja, as je no skoare is eltsenien bliid. Oars ried ik foar my sels, hie ik myn tiid ferbettere, ja dat wie ek leuk. Mar ik moast yn myn ientsje juiche.

Gerry Edou: 'Ja no is der mear waardering, je krije súver in beloaning troch it gejuich fan it team. Je dogge it mei syn allen.'

*Jim binne tegearre op fuotbal kaam,
bin jim derneist ek in boel tegearre?*

Se sjogge elkoar oan en laitsje efkes. Hester jouwt oan dat se somtiden wol in siamese twalling binne.

Hester: 'Wy ha op 'e basisskoalle in oantal jierren by elkoar yn 'e klasse sitten. Dernei wie it wat minder, mar doe kaam Gerry Edou yn Easterein wenjen en wiene wer in soad by elkoar. Sa fuotbalden wy altyd tegearre op strjitte.

Gerry Edou: 'En wy keatse tegearre, ôfdieling en ek frije formaasje.'

*Hoe befalt it fuotbal oant no
ta? It spultsje en de
kondysje?*

Gerry Edou: 'Ja it befalt hiel goed. We sitte yn in leuk team, we waarden gelyk goed opnaam.'

Hester: 'En mei de kondysje is 't net sa 'n probleem. Wy dogge beide in sportoplieding. Gerry Edou sit op de Hanze yn Grins en ik doch it CIOS yn Hearrefean. Else dei moatte we sporte, dus wy hâlde in fuotbalwedstriid wol fol.

*En... hoe sit it mei de jongens? Binne
de jongens fan it keatsen as
reedriden leuker as de fuotballers?*

Hester: 'No dan gean we toch foar de jongens fan it fuotbal. Haw we wat mear keus!'

Dankewol froulje, foar jim iepenheid en enthousiasme. Neffens my kin SDS hiel bliid mei jim wêze. Ik hoopje dat jim it hjir nei jim sin hawwe sille!

(TB)



Mini-league F-pupillen

Mei de Minileague binne der yntusken fjouwer wedstriden spile. Sneontemoarns binne dizze jongste F-pupillen mei elkoar yn'e striid om punten te sammeljen foar it klassemint. Der wurdt spile yn teams fan 4 a 5 spilers, dizze teams wurde eltse wike wer oars gearstald. Hjir is foar keazen omdat de spilers yn dizze foarm sneller leare, se komme faker oan de bal en se meitsje in protte goals, wertroch it enthousiastme der fanôf straalt. Ik soe sizze, kom dat sjen!
Dit mei help fan de âlders en ús skiedsrjochter Arnout Meijer.

Yke Gaastra is oan't no ta de grutske koprinner, hij wurdt lykwols op de hûd sitten troch Jan Bootsma en Jesper Pauw. Yn it klassemint kinne jim sijn hoe it der foar stiet.

Klassemint:

Naam	14-09	28-09	05-10	12-10
Stern Kok	3	a	6*	8
Jesper Pauw	3	7	7*	13
Jan Bootsma	6	10	13	14*
Yke Gaastra	3*	5	11	17
Niels Terpstra	6	9	a	11*
Berend Santema	3	5	5	6
Wiebren Tamminga	0	3*	9	10
Larissa Eupper	a	4	10	11
Jelmer Abels	0	a	0	6
Jesse van Krimpen	3	a	6	7
Bartele Bouma	6	7	10	11
Raymond Terpstra	3	4	a	6
Tom Wander	3	6	9	10
Rutger Altenburg	0*	2	8	9
Phillip Eupper	a	1	4	5
Tobias Jellema	6	9	9	10
Johan Gaastra	0	2	a	8
Jesse Fennema	3	a	6	8
Niels v Lelyveld	0	1*	4	10

Tsjipke Okkema



S.J. ALTENA

S.J. Altena
Bonkelaar 22
8608 WC Sneek
Tel. (0515) 43 89 79
Fax (0515) 43 89 78
mobile 06-54 29 60 77

www.altenatuin.nl

Kees' kollum; Pikorde



It is dringen om in stuoltsje bij de NOS of Voetbal International. Van Bommel hat krekt ôfswaait, Verbeek waard ûntsein mar oan wa joue je no it pluche? Good old Jack van Gelder mei alle egootsjes striele en is hjir krekt sa goed yn as Genee bot wêze kin. Undanks de ouwe-jongens-krentenbrood sfeer witte de heren ûnderling wol hoe it derfoar stiet mei de pikorde.

Underoan stiet de fuotbaljournalist sûnder fuotbalferline. De Koert Westerman/Arno Vermeulen

siz mar. Goed foar de rangen en standen en foaral ek om al die moeilijke nammen te ûnthâlden en te korrigeren (Van Nistelrode). Mar sadra dit type begjint te praten, begjint Van Marwijk al oan syn koikarpers te tinken. Dan komt de âld-fuotballer. Harstikkene leuk om die âlde toppers as Van Hooijdonk en Waterreus der efkes by te hawwen. Foaral ek leuk om te hearen hoe sy no tinke dat de sfeer yn de klaaikeamer is, of hoe it wie om sa'n wedstriid te spyljen. Mar hoefolle smeuge ferhalen dizze veteranen ek hawwe meie, de fragen oer taktyken en systemen geane oan harren foarby. Fuotballers hawwe no ien kear de skyn tsjin harren: it oantal 'caps' stiet net lyk oan harren IQ. Der hawwe wy tefolle interviews foar sjoen. Of se moatte echt altiten strak yn pak komme en mei in kompoeter om gean kinne.

Yn alle oare gefallen jild foar hun itselde as foarhinne: lûsterje nei dygene die sein hawwe dat se 260 kear hinne en wer drafe meie. De trainers. De mannen dy't mei

“De mannen dy't mei harren mini-legerkes elts wykein yn'e bus op paad geane en dan libjend Stratego spylje”

harren mini-legerkes elts wykein yn'e bus op paad geane en dan libjend Stratego spylje. Dizze minsken hoefe jo neat wiis te meitsjen. Se hawwe alles meimakke. 5-0 efter by de rêst en toch 4-2 winne? Ja hjer, dat hawwe wy yn 1992 nog foar elkoar bokst. Fansels wol troch in goeie wissel of mei de punt nei efteren. De trainer is de architect en de útfierder tagelyk. Ferantwurdelik foar al it goede. Set Van Marwijk en Adriaanse ergens oan in tafel en se lulle troch totdat de lampen útgeane yn' e studio en de skjinmakers tefoarskyn komme, om dernei fleurich troch te gean.

Mar ek hjir is der striid. It getwetter ferhult net dat dizze diktators yn de dop elkoar it ljocht net yn'e eagen gunne. Al hielendal net at se in ferskillende eftergrûn hawwe. Toptrainers dy gjin topspilers wiene? Hâld mar op. Al komme sy mei frachtweinen skalen en UEFA Cups oansetten, en wurdt der sels in fisy op de 'totale mens' byhelle, Jans, Adriaanse en Van Gaal bliuwe úteinlik leraren.... en in bytsje gekke minsken . Of is dat in tautologie?

Fuotbal is wat dat betreft konservatiever as de paus. In trainer mei safolle presteard hawwe en allegear nije dingen útfûn hawwe, mar neat giet op tsjin in âld-topspiler dy't no op de bank sit. Dat dygene allinnich mar praat oer nasiskijfen sa as Boskamp docht der net ta. Sy binne de Alpha-mantsjes fan it stel, de Bokito's fan it trainersgilde.

Mar sels dizze quasi-heiligen kinne net alles sizze wat se wolle want der bestean nog hegere Goden. Sy dy't it fuotbal sels, en de taal weryn de Bokito's deroer prate útfûn hawwe. Sy dy't sels no noch hun geboden op ús delkomme litte (werfoar ús dank). Net fia stien mar fia de Telegraaf en it AD. Heech, boppe op de berg sitte Johan Cruyff en Willem van Hanegem en sjogge alles ta. It Orakel en de Working class hero. Te goed foar, en te min tiid om eltse wike oan te skowen oan tafel en harren te mengen yn'e diskusje. Fia it papier komt harren oardiel op moandei en dat oardiel is it lêste.

Of better sein, it binne de lêste *twa*. Want wêr't Ajax-Feyenoord op it fjild in gesapich potsje wurden is, fleane dizze krasse knarren elkoar nog altiten mei passy yn de hierren. De bêste Klassieker fan dit moment.

“Sy binne de Alpha-mantsjes fan it stel, de Bokito's fan it trainersgilde”

K.A.

GERBRANDY
HEIBEDRIJF

is Geheid Heien!!!

It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548



beoefenje
Sport
oanmoedigje

hjimei **bytanke**
by Titus

Alderaardichst

Op tongersdei 10 oktober stie dizze prachtige foto op de webside:



Dizze foto kaam Anne Brouwer bekend foar. Anne hat ea 13 moanne yn militaire tsjinst sitten en siet doe yn Suriname. Hy fuotballe dêr ek. Hy siet by MVV út Paramaribo. Oftewol de Militaire Voetbal Vereniging. Hy fuotballe dêr yn it fjirde. It earste fan MVV spile yn dy tiid yn de heechste klasse fan Suriname tsjin klups as Robin Hood en Transvaal. Yn 1982 is de namme fan MVV feroare yn SNL(Surinaams Nationaal Leger). Yn 1948, 1949 en 1999 waarden sy sels kampioen fan Suriname.

Ein jierren '60 fuotballe Anne op in fjild yn Suriname wêr 't ek sa 'n beam midden yn it fjild stie.



SDS-ledengearkomst

fan fuotbalferiening SDS op woansdei 27 novimber 2013

Jûns om acht oere yn'e kantine op sportpark de Skoalleseize.

Wurklist:

1. Iepening
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op notulen en jierferslach **
4. Ferslach fan de sponser kommisje
5. Ferslach fan de jongerein kommisje
6. Jierferslach fan de ponghalder en fêststellen fan de begrutting
7. Ferslach kas kommisje en ferkiezing nij kommisje lid
8. Fêststellen kontribusje
9. Frijwilligerswurk hoe fierder?

10. SKOFT

11. Bestjoersferkiezing:

Ôftredend: André Vink

Vaccant: wedstriidsecretaris

Ôftredend en ferkiesber: Baukje de Jong Penningmaster

12. Skoalleseize

13. Runfraach

14. sluting

** It ferslach fan de foarige ledefergadering en it jierferslach kinne jim fanôf 13 novimber opfreegje by gidaheerma@ziggo.nl

Meienoar binne wy SDS dus oant sjen op woansdei 27 novimber

It bestjoer



anno 10 augustus 1947

Killers

Topschutters van het Friese amateurvoetbal

Het boek Killers is een ode aan de aanvaller. Met mooie, openhartige verhalen; zonder opsmuk, zonder dedain geschreven. In dit boek is geen plaats voor Marco van Basten en Johan Crujff; dit boek behoort toe aan Dicky Schievink, Tinus Vermaning en Corrie Bakker. Zij zijn de ware topschutters van het Friese amateurvoetbal.

Met verhalen van: Grietus de Vries, Corrie Bakker, Gerrit Hoekstra, Durk Pietersma, Germ Akkerman, Ronald Kramer, Jan-Watse Jousma, Theun-Enne de Vries, Simon de Schiffart, Dicky Schievink, Jappie Wijnia, Tinus Vermaning, Anne Bergsma, Roelof Koop, Bert Douwsma, Anton Postema, Ton Haarman, Andre Polet, Lubbert Huitema, Ate Bijstra, Gerard Popma, Sjoerd Hiemstra, Mark Goerres, Arjen de Jong, Klaas de Boer, Bas van der Baan en Harry Broersma.



Wanneer ben je een superspits?

In het boek van Klaas Dijkstra komt de aanvalsleider in al zijn facetten ruim aan bod. Kopsterke spitsen, luie spitsen, technische spitsen; ze hebben één ding met elkaar gemeen: ze maken veel doelpunten. Dijkstra interviewde een kleine dertig spitsen – die allen meer dan 150 competitiedoelpunten maakten – en belicht de randzaken. Hij sprak met hen over de clubs waar ze speelden of in een enkel geval spelen en stelde allen de hamvraag: waarom ze een carrière als profvoetballer niet haalden of ambieerden?

Klaas Dijkstra

Uitgever: uitgeverij Louise

P.s. It boek is fansels te krijen by Warenhuis Fa. Van der Velde yn Wommels

TOP 1 TOYS
nummer één in speelgoed

Voor al uw:

- Luxe en huishoudelijke artikelen
- Speelgoed
- Boeken en tijdschriften
- Kantoor- en schoolbenodigdheden

**Fa. van der Velde
Wommels
0515-331201**

Ôfskie nimme fan Syb Overal?



Ofrûne jier hat S.D.S 2 ôfskie naam fan twa rasfuotballers. Twa echte leafhawwers dy nei in lange fuotbalkarriêre yn it earste en twadde alvetal besluten ha om nei it goed draaiende fiifde alvetal oer te stappen. De jierren begjinne te tellen, mar stopje is natuerlik gjin opsje. Dan is dit in logyske stap west foar Robert Sijbesma en Jan Simon Jelsma. Mar der is noch in matador út SDS 2 dy foarich jier besluten hat om syn fuotbalskuon foarearst yn de wylgen te hingjen. Wij witte net seker at hij no stoppe is, der tiidelijk tusken út is, of dat hij misschien ek wol de oerstap makke hat nei de tikketakke masine fan SDS 5. Wij woene dit graach

útsykje en giene dus yn gesprek mei de persoan yn kwestje. Wij freegje ús it folgjende ôf. Hoe is it no mei Syb Overal?

Op in reinige snein te middei sykje ik Syb op yn syn hús oan de râne fan Easterein. Hij wennet hjir tegearre mei syn frou Wimke en harren bern, Brent en Lotte. It earste wat mij opfalt at ik binnen stap binne de twa lytse overalstsjes dy harren fermeitsje mei blokken, lego, katten en al it oare wat foar hannen leit. Twa skitterjende bern dy fansels in soad tiid fan jo ferge. Ik begjin mysels ôf te freegjen at dit foar Syb misschien de reden west hat om te stopjen mei fuotbal. Dêrom begjinne wij ús gesprek mei de fraach: **Wat is de reden datst ferline jier stoppe bist mei fuotbaljen?**

Ik ha fan myn 5de oant myn 30ste altyd mei in soad wille bij S.D.S fuotballe. De Lêste 2 jier ha ik allinne regelmjittich lêst han fan blessueres. En dan foaral myn linker knibbel. Faaks koe ik mar efkes sûnder pine traine, en faaks mar 1 kear yn de pear wiken fuotbalje omdat ik oars wer tefolle lêst hie. Doe dit in oantal moannen sa trochgje wie ik der op it lêst wol efkes klear mei. Dit hat foar mij foaral de reden west om der efkes tuskenút te gear.

Der efkes tuskenút seisto. Dat betsjut dus ek datst do wer fan plan bist werom te kommen?

Doe ik ferline jier stoppe bin hie ik foar mysels eins al in bytsje besluten om der hielendal mei op te hâlden. Mar no we in skoftke fjirder yn de tiid binne begjint it dochs wol wer te kriebeljen. Ik kom eins eltse wike wol efkes bij it earste of

twadde te sjen, en dan krij ik wer yn de gaten hoe graach ik sels ek yn de greide stean mei. Mar it hinget al efkes ôf fan myn knibbel. Begjin takom jier stiet der in sjochooperaasje op de planning. Ik hoopje dat it dernei wer klear is, en dat ik dan wer rêstich oan begjinne kin te fuotbaljen. Ik ha sels yn de holle om dan ien kear yn de wike te trainen en gewoan lekker te fuotbaljen. En yn wat foar alvetal at dat wurd is foar mij net hiel belangryk. Mar de tiid yn it earste of twadde is foar mij wol foarby skat ik sa yn.



Do hast dus sawol yn it earste as yn it twadde fan S.D.S fuotballe. Kist ús noch wat mear fertelle oer dyn fuotbalkarriêre bij S.D.S?

Sa at ik sei bin ik op myn 5de al begûn mei fuotbaljen. Ik ha dernei alle earste alvetallen trochrûn. Fansels is it al in oantal jierren lyn, mar ik wit noch wol dat we

yn dy jierren faak kampioen west ha. Wat ik my noch wol goed foar de geast helje kin is myn moaie tiid yn de A1. Ik fuotballe doe mei mannen as Wesley Hoitinga, Anne Stenekes, Wybe Wiersma, Hendrik de jong en de bruorren Wagenaar. Op dat stuit wie Rein van der Woude ús trainer. In hiele fanatike man. Hij soarge der ek foar dat der in aktiviteiten kommisje binnen de ploech wie. Dat hat ús hiel wat moaie reiskes oplevere. Sa as de bûtenlânske toernoaien nei Denemarken en Roeselare. It wie doe fansels krekt yn de tiid dat de tredde helte foar ús ek wat begûn mei te tellen. We ha doe mei syn allen echt in prachtige tiid hân. Nei 2 jier yn de A's makke ik de oerstap nei de senioaren. Ik ha yn myn earste jier in hiel soad leare kinnen fan mannen as Wouter Hylkema. Ik fuotballe meastentiids yn it twadde mar ha yn totaal ek sa'n 20 wedstriden yn it earste meidien.

Doe begûn dyn tiid yn de senioaren. Wat binne hjiryn dyn hichte- en miskien ek wol djiptepunten? Want do hast fêst genôch meimakke.

Ik ha yndie in soad meimakke yn dy jierren. Sa bin ik mei it twadde en tredde kampioen wurden. Mei it twadde binne wij doe foar de earste kear yn de histoarje promovearre nei de 1ste klasse. Mar der tsjinoer stiet dat ik ek mei it earste, twadde en tredde in kear degradearre bin. Dus al mei al ha ik hiel wat ferskillende teams en klassen foarby kommen sjoen. Mar it spyljen yn de

earste klasse mei S.D.S 2 wie foar mij dochs wol ien fan de hichtepunten. En dan ek foaral it kampioenskip dat it mooglik makke dat we yn de 1ste klasse útkomme mochten.

Wij witte no al in hiel soad oer dyn eigen karriëre. Mar wij binne eins ek wol benijd nei dyn miening oer it Nederlânske fuotbal fan dit momint. Do bist in fuotbal leafhawwer, dus do kist ús fêst út de dream helpe. Winne wij takom jier it W.K yn Brazilië?

As ik sjoch nei de seleksje fan Nederlân op dit momint tink ik net dat wij wer sa fier komme as yn 2010. Bûten de toppers om sa as: van Persie, Robben, Strootman en de Jong tink ik dat wij in te lichte seleksje ha. It binne allegear spilers mei earedivyzje nivo. En op sa'n poadium tink ik dat wij dan te koart komme. Ik soe myn jild sette op Brazilië, Spanje of Dútslan. Mar as jo echt jild fertsjinje wolle moatte jo ynsette op België. Ik tink nammentlik dat dat in hiele gefaarlike outsider wurd op it kommende W.K.

En dan as lêst dyn foarspelling foar de earedivyzje. Wa wurd der kampioen? En wurd Hearrenfean of Cambuur de trotsk fan it noarden?

Ik bin sels in Ajax man, dus ik gean der fan út dat sy ek dit jier kampioen wurde. En as ik kieze moat tusken Hearrenfean en Cambuur dan kies ik foar Hearrenfean. Al tink ik net dat sy meidwaan bliuwe foar de titel. As se op in 5de of 6de plakje einige meie se tefreden wêze. Mar yn de earedivyzje witte jo it nea. It is dan miskien net fan in hiel heech nivo, mar it is wol altyd spannend.

Syb, tige tank foar dyn ferhaal. Wij binne der yn elts gefal in stik wizer fan wurden. Betterskip mei dyn knibbel en we hoopje dy hiel snel wer werom te sjen yn it swart/wite tenu fan S.D.S

(BD)



S. HEERINGA
Walperterwei 10 8731 CC WOMMELS

**Onderhouds-
Reparatie-
en
Scheeps-
betimmeringsbedrijf**

Tel. 0515 - 332267

Fan de Skeids(89)



De FIFA heeft de regels ten aanzien van het buitenspel verandert. Als het er voor iedereen duidelijker is op geworden vraag ik mij af maar ik wil het jullie niet onthouden.

Per heden is dit de nieuwe regel voor buitenspel.

Buitenspel

Buitenspel zijn als zodanig is geen overtreding.

Een speler bevindt zich in buitenspelpositie indien:
Hij dichterbij de doellijn van de tegenpartij is dan de bal en de voorlaatste tegenstander.

Strafbaar: Een speler wordt alleen voor zijn

buitenspelpositie bestraft indien hij, op het moment dat de bal wordt gespeeld of geraakt door een medespeler, naar het oordeel van de scheidsrechter, actief bij het spel betrokken is door:

In te grijpen in het spel, of

Een tegenstander in diens spel te beïnvloeden, of

Voordeel te trekken uit zijn buitenspelpositie

1) “Ingrijpen in het spel” betekent het spelen of raken van de bal, die door een medespeler is gespeeld of geraakt.

2) “Een tegenstander in diens spel beïnvloeden” betekent voorkomen, dat een tegenstander de bal kan spelen of in staat is te spelen door duidelijk het gezichtsveld of de bewegingen van de tegenstander te blokkeren of een tegenstander aan te vallen in strijd om de bal.

Een tegenstander aanvallen in strijd om de bal houdt meer in dan “een gebaar of beweging maken” die naar het oordeel van de scheidsrechter een tegenstander misleidt of afleidt.

Een tegenstander aanvallen in strijd om de bal vereist nu”:

- Lichamelijke interventie (physical interference)

- Binnen speelafstand zijn (1 – 1,5 meter)

3) “Voordeel trekken uit de buitenspelpositie” betekent het spelen van de bal:

- a) Die terugkomt van- of van richting wordt veranderd door doelpaal, doellat of een tegenstander, terwijl hij zich in buitenspelpositie bevindt.

- b) Die terugkomt van- of van richting wordt veranderd door- of naar hem gespeeld wordt door een tegenstander die een bewuste redding maakt, terwijl hij zich in buitenspelpositie bevindt.

- NB: Een speler die in buitenspelpositie de bal ontvangt van een tegenstander die bewust de bal speelt, wordt niet aangemerkt als een speler die voordeel heeft getrokken uit zijn buitenspelpositie terugkomt van:

- Speler staat stil

- De bal gaat terug in de richting waar die vandaan kwam

De bal wordt van richting veranderd (deflection) wanneer: -De speler niet richting de bal beweegt - De speler wordt verrast door de bal en probeert deze (instinctief) te spelen. - De speler een obstakel vormt (bij een vrije schop of schot)

Bewust de bal spelen (deliberately playing) betekent dat de speler een bewuste actie maakt. Dit is te herkennen doordat de speler een duidelijke beweging naar de bal maakt. De "kwaliteit" van de actie is hierbij niet relevant. Bewuste redding (Deliberate save) :

Van een bewuste redding is sprake wanneer door een doelverdediger of een veldspeler een redding wordt verricht = actie om een doelpunt te voorkomen. Tip: Of er sprake is van al dan geen bewuste redding kun je in veel gevallen de vergelijking trekken met een bewuste terugspeelbal. Ook dan zie je acties door verdedigers met als resultaat dat de bal in handen van de eigen keeper komt maar de S het spel door laat gaan omdat het geen bewuste terugspeelbal is. Komt de bal uit zo'n situatie in bezit van een aanvaller, dan zal er meestal sprake zijn van voordeel trekken uit.

Ik hoop dat jullie het begrijpen wat de nieuwe regel is t.a.v. buitenspel. Vanuit het betaalde voetbal wordt er gewerkt met neutrale assistent scheidsrechters, dit voordeel hebben spelers. Echter de amateurs zullen het moeten doen met vereniging assistenten. Dat hier verschillende interpretaties over komen moge duidelijk zijn. En begrijpt het publiek het nog, denk je? Ik vraag het mij af.

Succes,
Douwe D. Reitsma

*VOOR AL UW SCHOONMAAK
WERKZAAMHEDEN, zoals:*

- GLAZENWASSEN
- SCHOORSTEENVEGEN
- GOTEN LEEGHALEN en
SCHOONMAKEN
- ONDERHOUD en SCHOONMAKEN
van GEBOUWEN en NIEUWBOUW



M. Sijszeling's
Schoonmaakbedrijf
v.o.f.

Oosterend - Wynserdyk 39

Telefoon 0515 332279

Alde Doaze



Dizze prachtige foto krigen wij út in âlde doaze fan Friso Albada.

It is it SDS E1 alvetal fan 1979/1980.

Kenne jim se noch:

Rients Smit, Theo Bergsma, Friso Albada, Rene Reinsma, Leo Smit, Auke Hiemstra, Marco Haagsma, Freddy Skeltema.

Jimmy Andela, Hessel Bootsma, Bas de Boer, Arno Eisma, Jan Zijlstra, Durk Okkema.

Friso jout ek noch efkes oan wat hij noch wit fan dit momint:

En ja it wie kâld. Mar op dizze jûn wûnen foar de earste kear en skoarde Friso. Durk Okkema makke de oare.

2-1 oerwinning thús tsjin CAB út Boalsert.

(AH)

Peppi en Kokki en de âlde doaze

As je wat âlder binne dan fine je dy âlde foto's út dy âlde doaze altiten prachtich. De jeugd sjocht faak hiel oars nei sa 'n âlde foto. Spesjaal dêrfoar dizze rubryk "Peppi en Kokki en de âlde doaze". Eltse kear joue sy fanút harren perspektyf kommintaar op in foto út it ferline.



"Dus neist in steantribune hienen se froeger ek noch in hingtribune"



Die polo past ons allemaal!

S tichting Skoalleseize heeft voor het 25 jarig jubileum SDS polo's voor de barploegen kado gekregen. Wij hopen hiermee het SDS gevoel tijdens de wedstrijden te verhogen. Om het teruglopend aantal barvrijwilligers op te vangen, zijn wij nu op zoek naar spelers van SDS die een aantal keren per jaar bardienst willen draaien. Wij hopen dan ook jullie als spelers in deze polo's te kunnen verwelkomen om samen de sfeer in de kantine maken.

SDS

"Sterk door samenspel". We rekenen op jullie.

SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside **www.vv-sds.nl** en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-Tas: €33,-

SDS-Rugzak: €31,-

SDS-Trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-Trainingsbroek kort: €18,50

SDS-Sweater: €25,-

SDS-Midjack: €47,50

SDS-Trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-Polo: €21,-

Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde.

Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei Douwe Dirk Reitsma(332500), want SDS hat wat SDS klean op foarrie.



**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs eltse dei op
www.vv-sds.nl!**

Doelpuntenmakers 2013-2014

Der wurdt al wer omraak skoard bij de senioren en de Vr1. No ja, omraak dat jildt foaral foar SDS 5. Yn in stik as 5 wedstriden makken sij 37 doelpunten en dat seit wat oer de kwaliteit fan dit alvetal yn de 6^{de} klasse. It is dan ek fanselssprekkend dat de top 3 oanfierd wurdt SDS 5 spilers Dat Sieta Tessemaker fan Vr1 ek al 6 kear skoard hat jout oan dat de Vr ek mear winne as ferlieze. Ayanle Barkat (SDS2) Pieter Kamstra (SDS 3) en Jelmer Posthumus ferwachtsje wij altyd yn de top 10.

Hester Kingma fan Vr1 is krekt lid en skoarde ek al twa kear (en bijsûnder moaie doelpunten ek noch wol).


At in ploech te heech yndield is dan sjogge wij dat ek werom. SDS 4 skoarde dit jier sels 1 kear en dat wie ek noch wol troch in gastspiler: Lourens van der Pol makke syn earste "seniorendoelpunt"



Jappie en Sieta topskoorders by manlju en froulju.

namme	1	2	3	4	5	Vr1	tot
Jappie Wijnia					12		12
Robert Sijbesma					11		11
Peter Sijbesma					6		6
Sieta Tessemaker						6	6
Ayanle Barkat		5					5
Pieter Kamstra			4				4
Jelmer Posthumus	4						4
Dirk Yde Sjaarda	3						3
Anne Stenekes		3					3
Jeroen Wagenaar					2		2
Hester Kingma						2	2
Feite de Haan		2					2

Grietzen Broersma	2						2
Sytse Hibma		1	1				2
Tjipke Klaas Okkema	2						2
Henk Postma			2				2
Marije Hiemstra						2	2
Wietse Fopma		2					2
Ype Tiemersma					1		1
Broer Jacob Greidanus			1				1
Thessa van der Ploeg						1	1
Agnes Posthumus						1	1
Sjoerd Rispens		1					1
Eeltje Postma			1				1
Tseard de Vries		1					1
Ewout de Boer	1						1
Willem Wijnia		1					1
Klaas van der Weg					1		1
Christiaan Hoekstra					1		1
Wichard Deinum					1		1
Hendrik Engbrengthof			1				1
Dirk de Jong	1						1
Jildou Jorritsma						1	1
Bertus Bootsma					1		1
Lourens van der Pol				1			1
Manon Travaille						1	1
Harm Auke Dijkstra					1		1
Andries Lanting			1				1
totaal	13	16	11	1	37	14	92



Lourens van der Pol makke by syn debút foar SDS 4 lyk in goal.

Trefferkes



Adreswizigingen

Geane je ferhúzjen jou je nije adres dan efkes troch oan Tina Wiegers fia tillefoannûmer 0515-331365 of mail nei:
Ledenadministraasje@vv-sds.nl.

Trefferbesoarger fûn foar de helte fan Wommels!

Chris Postma is stoppe mei it besoargjen fan de Treffer yn Wommels. Gelf Ykema sil it fan him oernimme. Hjir binne wy tige wiis mei.

Fansels!

Somtiden witte je fantefoaren al dat je sneons winnen gean. Je sjogge yn it programma tsjin wa 't je moatte, je sjogge efkes op de ranglist en ien en ien is twa. Stef Jellema fan F2 sjocht

**Brouwers
Schilders**

Tel. 0515 - 333 672
Mobiel 06 - 51 40 40 69

WWW.BROUWERS-SCHILDERS.NL

it oars. "Mam, wij gaan vandaag makkelijk winnen, want wij moeten vandaag tegen Nijland en dat ligt vlakbij Bolsward en daar hebben wij vorige week dik van gewonnen....."
Fansels waard it 3-0 foar SDS F2!

Gjin punten wol in priis

Arjan Posthumus fuotballet dit jier bij sc Bolsward. It treffen tsjin broer Jelmer fan SDS ferlear hij foarige wike sneon. Gjin punten mei nei Boalsert mar wol in rollade. Wûn mei it draaiend rêd.

Hommels?

SDS F2 moast sneon tsjin HJSC/Oudega fuotbalje. Timen de Boer koe it net mear hielendal foar de geest krije. "Tsjin wa hawwe jim fuotballe Timen?" "Oh, tsjin iets mei hommels of sa....."

De âlde doaze

Ha jim ek noch moaie âlde foto's, dan soe it moai wêze at wij dy efkes brûke kinne om se yn dizze rubryk te pleatsen. Nim efkes kontakt op mei Aant.

Nijs?

Hawwe jim noch nijs, foto's, eigenaardichheden of oars ek mar wat wat op de SDS-webside kin of foar de Treffer, mail it dan nei info@vv-sds.nl of detreffer@vv-sds.nl

Aginda

Wannear?	Wat ?
16 oktober	Durk Okkema jierdei!
19 oktober	Beker/ynhel
23 oktober	Meinte Sixma-jeugdtoernoai fanôf 14.00
26 oktober	Workum 1 – SDS 1
2 novimber	SDS 1 – SC Stiens 1
4 novimber	SDS-webside bestiet 11 jier
9 novimber	Delfstrahuizen 1 – SDS 1
15 novimber	Lotting OFK
16 novimber	SDS 1 – QVC 1
16 novimber	Moai Wark yn it Dielshûs
21 novimber	Volbeat yn 't Ziggo Dome
23 novimber	Beker/ynhel
23 novimber	PSV – SC Heerenveen
23 novimber	Theo Maassen yn de Harmonie
26 novimber	Queens of the Stone Age yn 't Ziggo Dome
27 novimber	SDS ledengearkomst om 20.00
28 novimber	Black Sabbath yn 't Ziggo Dome
30 novimber	VV Nijland 1 – SDS 1
30 novimber	De Staat yn it Bolwurk
30 novimber	Led Zeppelin-tribute yn Theater Romein
5 desimber	Sinterklaas komt by SDS 2 del
6 desimber	Jeugd van Tegenwoordig yn de Harmonie
7 desimber	SDS 1 – NOK 1
8 desimber	SC Heerenveen - Feyenoord
11 desimber	2e leiders/trainersgearkomst fanôf 19.30
13 desimber	Winterwille yn Easterein fan 15.30-20.30
14 desimber	SC Berlikum 1 – SDS 1
15 desimber	SC Cambuur - Ajax
21 desimber	Beker/ynhel
21 desimber	Foarrondes krystsealtoernai Frjentsjer
25 desimber	Krystsealtoernai Frjentsjer
31 desimber	Âldjiersdeisealfuotbalje yn de sporthal
4 jannewaris	Nijjiarsgearkomst SDS
11 jannewaris	OFK yn Frjentsjer
18 jannewaris	De Wâlde 1- SDS 1
23 maaie	SDS-slotjûn foar de jeugd fanôf 17.00.